

Marijke Muoi



Dêr kaam de Fryske stedhâlder en makke har it hôf
Fanút Kassel kaam se mei nei Ljouwert
Wat wie se mâl mei him en ek al gau wie dêr hun earste bern
In famke, berne út leafde

Lang mocht it lok net duorje, Willem kaam om
No wie Marijke swier fan hun soan

Ooooh Marijke Muoi
Ooooh Marijke Muoi
Oooh ooooh Marijke, eltse Fries wie wiis mei dy

Se die sa har bêst, har soan alles te jaan, regearde tw(e)intich jier foar him
Seach him graach yn 't heechste amt en yn in houlik
Mei in frou mei Ingelsk blau bloed

Soan Willem kriich de regy oer hiel de Republyk
Doe't hy stoar paste Muoike op it Ryk

Ooooh Marijke Muoi
Ooooh Marijke Muoi
Oooh ooooh Marijke, eltse Fries wie wiis mei dy

Altyd goed foar in oar, we moatte tinke om elkoar
Do wiest in prachtich foarbyld yn 'e tiid
En it Keningshûs fan hjoed ha wy te tankjen oan dyn moed
Sy stamme ôf fan dy, se ha dyn bloed

Ooooh Marijke Muoi
Ooooh Marijke Muoi
Oooh ooooh Marijke, eltse Fries is wiis mei dy

